

Dit is de dei

Titel: Dit is de dei - Sara en Simon folgje Jezus

Auteur: Foekje-Fleur Fink

Illustrasjes: Tineke de Boer - Popma,


Hadewey Rixt Buitenwerf - van der Meer

Boekfersoarging: Arjen Bakker | De Pinne

ISBN: 9789403769431

© 2025 Foekje-Fleur Fink en De Pinne, alle rechten voorbehouden


Foekje-Fleur Fink



Dit is de dei

Sara en Simon folgje Jezus

DE PINNE



Foarwurd

Foar jim leit it boekje ‘Dit is de dei’ mei fertellingen. It bysûndere hjirfan is dat der mear fertellingen yn ien ferhaal sitte. Je soene it sjen kinne as in ramt yn in ramt. It bûtenste ramt fertelt oer Sara en Simon.


Sy binne op deselde dei berne, in twilling dus. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar wat in wiisprater. Hy hat op alle fragen wol in antwurd. Der is ek noch in grutte broer, dy hjit fan Daniël. As Daniël net thús is, neamt Simon Sara ‘myn suske’. Dat makket har poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!” ropt se dan.

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit, mem en pake – ferhalen út it lân fan de Bibel yn de tiid fan Jezus. Dizze Bibelferhalen foarmje in ramt yn de fertellingen fan Sara en Simon. It binne wertellingen út it evangeelje fan Lukas.

Dizze ferhalen kinne foarlêzen wurde op skoalle, yn tsjerke, yn bernenjonkentsjinsten, troch heiten en memmen, pakes en beppes en gean sa mar troch. En guon bern dy’t it Frysk al aardich yn ‘e macht ha, soene de ferhalen sels al wol lêze kinne. Yn Sara en Simon sille se harrensels weromkenne en harren ynlibje yn de ferhalen dy’t langlyn spilen yn it lan fan de Bibel. Foar hjoededei binne it ferhalen dy’t ek bern rjochting jouwe.

In goede reis tawinske mei Sara, Simon en al dy oaren.

Foekje Fleur Fink, Burgum



Ynhâld

De doop fan Jezus (Lk.3,1-22)	13
Sara en Simon wurde doopt	
Jezus yn de woestyn (Lk.4,1-13)	16
De woestyn is gefaarlik!	
De synagoge yn Nazaret (Lk.4,14-30)	19
Daniël komt thús en hat nijs	
Genêzing fan in sike (Lk.4,31-44)	22
Mei heit nei de synagoge	
Genêzing fan in lammenien (Lk.5,17-26)	25
Sara en Simon bringe in freon by Jezus	
Levi wurdt roppen (Lk.5,27-32)	28
It is echt wier	
Op in sabbat (Lk.6,1-11)	31
In oare dei as oare dagen	
Lok en wee (Lk.6,17-26)	34
Jezus kiest foar dy	

In offisier yn Kafarnaüm (Lk.7,1-10)	37
In frjemdling?	
It foarbyl fan it sied (Lk.8,4-15)	40
It giet oer in boer	
De stoarm op de mar (Lk.8,22-25)	43
Noch ienkear dat ferhaal fan de stoarm	
De dochter fan Jaïrus (Lk.8,40-56)	47
Ik woe dat it altyd sa gie	
Fiiftûzen krije sêd (Lk.9,10-17)	51
Mear as genôch	
In Samaritaan helpt (Lk.10,25-37)	54
Nije buorlju (1)	
Hoe kinne wy bidde? (Lk.11,1-4)	58
Nije buorlju (2)	
Jou de moed net op (Lk.11,5-13)	61
In ferhaal oer Sara en Simon	
In heit en twa soannen (Lk.15,11-32)	64
Daniël fertelt wat er sels heard hat	

De rike man en de earme Lazarus (Lk.16,19-31)	69
Utfanhûs (1)	
De Fariseeër en de tolgarder (Lk.18,9-14)	72
Utfanhûs (2)	
In rike jongeman (Lk.18,18-27)	75
Utfanhûs (3)	
In bline man (Lk.18,35-43)	78
Daniël komt harren opheljen	
Sacheüs (Lk.19,1-10)	81
Daniël fertelt fan in tolgarder dy't yn in figebeam klom	
It foarbyld fan twa feinten (Lk.19,11-27)	85
Keaplju yn Kafarnaüm foar hannel	
FERHALEN FOAR DE STILLE WIKE EN PEASKE	
De yntocht yn Jeruzalem (Lk.19,28-44)	90
Underweis nei Jeruzalem ta	
Pesach (Lk.22,1-23)	94
Wêrom is dizze nacht oars as oare nachten?	
Op de Oliveberch (Lk.22,30-53)	98
Daniël fertelt wat er heard hat	

Patrus seit dat er Jezus net ken (Lk.22,54-71)	102
Alles rûn oars	
Jezus foar Pilatus (Lk.23,1-25)	105
Hoe soe it komme mei Jezus?	
De krusiging fan Jezus (Lk.23,26-49)	108
Yn 'e poarte hearre se it fan de frouen	
Jezus' begraffenis (Lk.23,44-56)	111
Koene se dan neat mear foar Jezus dwaan?	
Jezus libbet! (Lk.24,1-12)	113
Soks kin je allinne mar leauwe	
De reis nei Emmaüs (Lk.24,13-35)	116
Der brekt in nije tiid oan!	
FERHALEN FOAR HIMELFEART EN PINKSTER	
De oare learlingen sjogge Jezus ek (Lk.24,33a-49)	120
Wa is Jezus foar dy?	
Himelfeart (Lk.24,50-53 en Han.1,10-14)	123
Dit is wat mem heard hat yn Nazaret	
Pinkster (Han.2,1-40)	127
Dit meie wy alle minsken fertelle	

It libben fan de earste gemeente (Han. 2,41-3,10) 131
Nijs foar de wrâld

FERHALEN FOAR ADVINT EN KRYST

Jim bidden is ferheard (Lk.1,5-25) 136
Hoeders fertelle ferhalen by it fjoer

It liet fan Maria (Lk.1,26-56) 141
Giesto jûn ek mei?

De berte fan Johannes (Lk.1,57-80) 145
Simon en syn freonen geane ek mei

De berte fan Jezus (Lk.2,1-7) 149
Soe Daniël ek meiwolle?

De hoeders (Lk.2,8-20) 152
De hoeders hawwe it sels meimakke

Simeon en Hanna yn ‘e tempel (Lk.2,25-35) 155
Wa moatte no de ferhalen fertelle?

Jezus yn ‘e tempel (Lk.2,40-52) 158
Komme wy ek foaryn it ferhaal?




YnlIEDING

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? Wêr is hy berne? En hoe hijtte syn heit en mem? Eins hiene se dat oan Johannes freegje moatten, doe’t se doopt waarden. Dy hie it grif wol witten.

Gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol. Hoe’t dat allegear west hat, hearre jim hjir.

Harkje mar...



De doop fan Jezus

Lukas 3:1-22

Sara en Simon wurde doopt

Heit hie heard dat Johannes fan in mij libben fertelde.
En dat er minsken doopte. Soms sels hiele famyljes.
Dêrom wiene se mei-inoar as famylje nei de Jordaan
kommen om Johannes te hearren.

Pake wie ek meikommen. Hy luts Johannes nijs gjirrich
oan 'e mouwe en frege: "De minsken sizze dat jô de
Kristus binne. Is dat sa?"

Johannes draaide him om en sei: "Nee man, dat bin ik
net! Ik doop mei wetter. Hy sil dope mei de hillige
Geast en mei fjoer."

Teloarsteld sloech pake syn eagen del en suchte fan
wurgens. Moasten se no noch langer wachtsje?

Johannes seach it en frege: "Binne jo hjir allinne?"

Pake skodholle en sei: "Nee, myn hiele famylje is hjir.
Sjoch!" Hy wiisde nei de heit en mem fan Sara, Simon
en Daniël, mar ek nei de omkes en muoikes mei harren
bern.

"Wêr komme jim wei?", frege Johannes.

"Sy wenje yn Kafarnaüm." Pake wiisde nei Sara en
Simon. "Dêr hearden se dat der yn de Jordaan doopt
waard."

Johannes lei de hân by pake op it skouder en sei:
"Begin dochs in mij libben! En lit jim hiele famylje
dope. God sil ferjaan wat jim ferkeard dien ha."

De minksen dy't it hearden, waarden nijs gjirrich. Se seine: "Hjir wolle we mear fan witte!" Se krongen nei foaren en rôpen: "Sis it ús, Johannes!"

"Kom mei", sei Sara tsjin Simon, "ik wol ek hearre wat Johannes seit." Der kamen noch mear minsken by te stean. Heit pakte Sara en Simon by de hân en socht in paad tusken de minsken troch.

Doe't se foaroan stiene, stapte Sara op Johannes ta en sei sûnder te wifkjen: "Wat is in mij libben, Johannes?"

Simon gie njonken Sara stean en frege: "Wat moatte wy dêrfoar dwaan, Johannes?"

Doe begûn Johannes te fertellen: "Wa't twa jassen hat, moat ien jaan oan immen dy't gjin jas hat. Wa't genôch iten hat, moat diele mei oaren dy't neat hawwe."

Minsken dy't echt op 'e mij begjinne woene, giene mei Johannes nei de Jordaan. Pake, Sara en Simon, Daniël, heit en mem en de oare famylje rûnen ek mei. Ien foar ien stapten se it wetter yn. Dêr waarden se troch Johannes doopt.

Tusken al dy minksen rûn Jezus. Hy woe der ek by hearre. Wat Johannes sei, spruts Jezus wol oan. Mei dizze minsken hjir woe Er in mij libben beginne. Dêrom frege Jezus oan Johannes oft Er ek troch him doopt wurde koe.


Tegearde rûnen se it wetter yn...

Jezus die de hannen gear doe't Johannes Him efteroer troch it wetter helle. Op datselde momint barde der wat bysûnders. De himel gie iepen... En in do kaam nei ûnderen ta saaien. Sa moai, sa ljocht! It wie de Geast



fan God. In stim klonk: "Do bist myn ynleave Soan. Ik hâld safolle fan dy!"

Doe't Jezus wer boppe kaam en nei de kant ta rûn, fielde Er him opnij berne. Faaks hat dit de gelokkichste dei fan Jezus' libben west. De dei dat Er syn Heit yn 'e himel dit sizzen hearde. It wiene wurden dy't Him krêft joegen. Alle kearen as Jezus oan syn doop werom tocht, fielde Er dat syn Heit yn 'e himel hiel ticht by Him wie.



Jezus yn de woestyn

Lukas 4:1-13


De woestyn is gefaarlik!

Jezus wie noch kletstrochwiet doe't er út de Jordaan kaam. De Geast fan God hie Him feroare. Syn Heit yn'e himel ferwachte wat fan Him. Mar wat? Hoe soe dat nije libben dêr't Johannes it oer hie, der útsjen?

Jezus suchte... Hy woe no wol graach even allinne wêze.

De Geast fan God brocht Him nei de woestyn. Mar wie Er dêr wol allinne?

“Johannes! Johannes!”
Sara kaam hymjend
nei Johannes tarinnen
en hakkele: “Jezus rint
de woestyn yn. Ik ha it
echt sjoen.”
Johannes stie klear om
in vrou te dopen, mar
doe't er Sara seach,
wachte Er efkes en sei:
“Famke dochs, wat
bisto oerstjoer. Wêr is
dyn broer?”
Sara knikte: “En Simon
hat it ek sjoen! Echt
wier, Johannes! Jezus



gie al hielendal allinne en dat is gefaarlik.”

Heit en mem hiene Sara en Simon altyd warskôge foar de woestyn. It kin dêr hurd waaie en der is gjin wetter. Heit sei altyd: “Gean nea allinne de woestyn yn!”

Johannes struts Sara oer it hier en sei: “Nee, Sara, Jezus is net allinne! Syn Heit yn ’e himel is by Him! Dy lit Him echt net allinne gean.”

Yn ’e woestyn hearde Jezus in falske stim. It wie de duvel dy’t sei: “Ik wol leauwe datsto no wol in kear honger hast, Jezus. Hjir yn ’e woestyn is neat te iten. Mar asto Gods Soan bist, dan kinsto ommers fan de stiennen dy’t hjir lizze wol bôlen meitsje.”

Jezus skrok fan dy falske stim en sei: “Nee, dat doch ik net! In minske kin fan bôle allinne net iens libje.”

Jezus wist wol better. Echt libje is as minsken dogge wat God freget!

Mar dy falske stim liet it der net by sitte. Dy brocht Jezus boppe op in berch en sei: “Sjoch ris om dy hinne, Jezus. Watst no sjochst binne de grutste en machtichste keninkriken op ierde. Asto foar my op ’e knibbels giest, dan binne dy prachtige lannen foar dy.” Jezus skrok opnij. Wat in trochtrape en gemien foarstel. Hy antwurde: “De Hear, dyn God, moatsto oanbidde. Asto syn wurden hearst en dochst, dan silst leare om faninoar te hâlden. Dan is God altyd by dy!”

Foar de tredde kear besocht dy falske stim Jezus yn syn macht te krijen. Hy naam Jezus mei nei Jeruzalem en sette Him op de râne fan it dak fan de tempel.

De falske stim rôp: “Do bist dochs de Soan fan God?